

*P.C.*

*Blau it swerk, fan sinne oergetten  
it fleurich, kleurich Sjúkelân.  
Ien famylje, hechte bân,  
spande troanjes ûnder petten.*

*Troch de rigen giet in rûzjen:  
bûten! boppe! triktrakslach,  
fûl, feninich, mei ferdrach  
heine en slaan; de ballen sûzje.*

*Libbensbyld: dyn eigen frachtsje  
sjouwe yn 't perk fan al den dei.  
Eagen iepen, aloan wach,*

*selden reden foar jûchhei,  
inkeldris in boppeslach,  
altyd moatst de bal ferwachtsje.*

*Klaas Feenstra (1929)*

*(Ut: 'Guozzeflecht', 2004)*

---

J.J.:

**'FEAR YN 'E BROEK' FOAR BERTUS POSTMA**

Alle jierren rikt de Ried fan de Fryske Beweging op 'e nijjiersgearsit de saneamde 'Fear yn 'e broek' út. Dy wurdt jûn oan in persoan of ynstânsje dy't him opfallend ynset hat foar de Fryske taal of kultuer. Yn 2003 gong de 'Fear' nei de Feriening foar Fryske Jongerein 'Bernlef' fan Grins. Dy krige de priis foar har persiflaazjefilm 'De Kameleon sjocht yn it waar'. De priis foar 2004 gong nei ús redaksjelid Bertus Postma fan Bitgummole foar syn krewearjen foar de Fryske wetternammen. De ôfrûne jierren hat er him dêr tige foar ynsetten en reizge mei syn frou hiel Fryslân troch om yn te sprekken by riedskommisje- en gemeenteriedsgearkomsten. Ek yn 'Lyts Frisia' hat er der oer publisearre. It bestjoer fan de Jongfryske Mienskip en de redakje fan 'Lyts Frisia' lokwinket Bertus Postma mei dit wolfertsjinne earbetoan.

---

**Bertus Postma:**

***GBM 1994-2004***

*Nei alle ienfâldich nijjierjen fan de kant fan CDA, FNP en PvdA en nei it skiteldeftige 'gelukkig en gezond 2004' fan de kant fan Menamer b. en w. en amtnerij, wie GBMenameradiel de tolfte jannewaris oan bar mei een 'gelukkig en voorspoedig 2004'. GemeenteBelangen bestiet fan 't jier tsien jier. Is der reden om it twadde lustrum te fieren?*

It begûn sa goed yn 1994: 2679 stimmen (36,2 %) en 5 riedsleden. Der binne no noch 2093 stimmen (25,5 %) en 4 riedsleden fan oer, wylst it ynwennertal fan Menameradiel mei 900 oprûn is.

Noch mar amper fan 'e streek 'foel' de iene wethâlder nei de oare. Binnen fjouwer jier wie GBM al oan syn tredde wethâlder ta. Rillegau kearde GBM it taalbelied om, fan ferfryskjend yn ûntfryskjend belied. Oer in by de riedsgearkomste fan 17 april 1997 ynkommen brief oer 'Berlikum-Berltsum' en sa, sei de fraksje soksawat as: "Fuort mei dat smoarge skriuwen," en it trouwe CDA: "Ferskuorre en nea net wer oer prate." De opposysje mocht sines der net iens fan sizze. By GBM stiet demokrasy net heech oanskreaun. "Cats cum suis ûntkomt it, dat (...)

de fan har ferspijde opposysjepartijen rjocht hawwe op in útwikseling fan arguminten." (LC, 24 septimber 2003).

De lêste jierren wie it allegearre striid en strideraasje yn it riedshûs, dêr't GBM as grutste fraksje de grutste ferantwurdlikens foar droech. Radio en kranten krigen ek noch in feeche, 'smullen geblazen voor de media'. En it drama Schatzenburg? Van Booma Schatzenburg en wy de fjouwer miljoen: elk sines, dan hat de duvel neat. De sportferienings it libben op Schatzenburg soer makke? Kin 't skele ju, 'daar komen wij wel uit' (GBM). Ja, mei djoere abbekaten tink: de jubilaris hie by syn hanneltsje mei Van Booma wol better nei Frysk-nasjonaal harkje mocht.

GBM syn twadde lustrum? Gjin reden ta feestjen.

☆ **B**y de Fryske Boekeklub KFFB ferskynde yn maaie de fjirde roman fan Anders Minnes Rozendal fan Ljussens. De titel is 'Alles yn 'e macht'. Rozendal debutearre yn 2001 mei 'De muorre'. Yn 2002 ferskynde 'Grinzen foarby' en yn 2003 'De baas traktearret'. Oan produktiviteit ûntbrekt it de Ljussemer net: yn fjouwer jier fjouwer romans!

☆ **U**tjouwerij Venus brocht trije nije útjeften op 'e merk. Klaske Hiemstra debutearre as romanskriuwster mei 'Retoer Skylge', in ferhaal oer in depressive frou. Fan Elske Schotanus ferskynde 'It griisstiennen wurd', in bondel mysterieuze ferhalen. De tredde útjefte wie 'Skalder en it swurd' fan Cornelis van der Wal fan Grins. It is in nijsgjirrige syklus fan trettjin fersen oer de Fryske helt Skalder, dy't op ierde ferskynt om dêr ris oarder op saken te stellen. De bondel is yllustrearre mei tekeningen fan Anne Feddema út Ljouwert.

☆ **C**ornelis van der Wal hat mar in produktive perioade efter de rêch, want by útjouwerij Bornmeer kaam ek in bondel mei fersen fan him út. 'Subsydzje foar de Graal' is de opfallende titel.

☆ **I**n bysûndere útjefte is 'Teatske Alzum en har wrâld', dy't troch de KFFB op 'e merk brocht is. It is in nijsgjirrige literêr-histoaryske stúdzje oer libben en wurk fan Teatske Alzum (1899-1962) fan Moarre. Fan Teatske Alzum ferskynde yn 1963 de roman 'Iepen finsters' en twa jier letter de ferhalebondel 'Diggels'. De stúdzje is skreaun troch de Skotske skriuwster Kate Ashton, dy't in skoft yn Moarre wenne hat en ûnder de tsjoen kaam fan it wurk fan Teatske Alzum. Jacobus Knol makke de Fryske oersetting. It boek is oanfolle mei 38 ferhalen út de bondel 'Diggels'.

---

☆ Yn it foarige nûmer is in rigel fuortfallen by in útjefte fan de Fryske boekeklub KFFB. It gong om de fiifde Fryske roman fan de Ljouwerter skriuwer Lieuwe Pietersen. De titel fan dy yn febrewaris útkommen roman is 'De flam'.

☆ De 'Friese Pers Boekerij' brocht yn april in nije rige op 'e merk: de Merkel Rige. Yn de rige wurde útjeften opnommen dy't al earder ferskynd binne en dy't no yn pocketformaat útbrocht wurde.

It giet om boeken dy't de ôfrûne jierren súksesfol west hawwe en dêr't neffens de útjouwer bliuwend fraach nei is. De earste trije titels binne ferskynd: de emigraasjeroman 'In moaie leeftyd' (1991) fan Tiny Mulder, 'In sterke frou' (1995) fan Riek Landman en Rink van der Velde syn 'Bokwerd for ever' (1979). De stek-yn-'e-bûsen binne yn in nij jaske stutsen. De kommende hjerst ferskine trije nije titels yn dizze rige.

## IN SWEACHSTER BOPPELACH

*Yn augustusmoanne fan 1988 waard Gearsing ta boargemaster fan, doe noch, Ferwerderadeel wijd. Syn neiste sibben en famylje soene ús taal net ferstean, dat Meekma, ienris yn de fjouwer wike CDA-fraksjefoarsitter yn de rie en oars ûnderkening fan, doe noch, Ferwerd en direkteur fan de Rabo-bank, liet syn bydrage ta de wijinge yn it Hollânsk oersetten. Alle ientaligen soene in oersetting krije en dêr kaam er mei tefoaren, dat er him ferbrekke moatte soe. Dat it oars útpakte koed er net helpe: de amtner wie it 'úntkommen' om in oersetting te meitsjen.*

*B.J. Postma*

Keamerleden hawwe ris nei 'de West' ta west, by frou Godett op besite. Se koene har fatsoen net hâlde en makken spul, doe't de earste minister fan de Antillen har eigen Papiamento spriek en de folksfertsjintwurdigers har net ferstiene. Dy hiene earst wolris in pear hûndert oeren op taalles mocht. Se wiene der lykwols te foarnaam ta. En in oersetter mei? Se hiene der net iens by stil stien.

It Provinsjehûs - de deputearren Walsma en Mulder - hat ris foar de rjochter stien/sitten. De

foarsitter prate Hollânsk en sadwaande die it hiele sirkus fan bysitters - ofsier, abbekaten, tsjûgen - lyksa. Walsma, âldste deputearre en loko-kommissaris, bûgde foar de oare sprake, allinne Mulder hold de kop derfoar. Walsma makke de hiele Twiebaksmerk te skande. Hie der mar in oersetter by west. Wêrom wie dy der net? It hiele sirkus ferstie de taal fan Gemme fan Burmanje wol! Mar de loko-kommissaris wie wat in bangeskiter.

Der hat in proses west om 'e earmerken fan fee. Trije ferklaugen - Thom de Groot fan Goattum wie ien fan harren - stiene foar de

---

rjochter. Har Maastrichter abbekaats hie ús taal net yn 'e macht, dat ien en oar koe net sûnder oersetter: Jelle Breuker. De wet dy't ferklagen it rjocht op eigen sprake ynskikt, waard goed tapast.

Fan en ta is der in frjemdtalige saakkundige of ynsprekker yn de Menamer riedskommisje. As de leden mei fragen komme, ferbrekt de helte him wol en praat dan de taal fan Jippe en Janne en as it moatte soe, dy fan Kim Il Sung-en-dy. Mar ek as it net moat en ek as it net iens hoecht, dogge guon folksfersjintwurdigers it likegoed. Hokkerjiers woene de achtbere froulju en manlju wolris oer de plysje prate en se noegen der in Hollânskpratende plysje by út, in oars net ûntsjeppen jongefrou. De earste frage oan har wie, oft se wol Frysk ferstie (!). Us gemeentehûs mist selsrespekt en selsbetrouwen, styl en dekoarum. As it fan alle fjouwer wat hân hie, hiene de Menamer kommisjelden dat frommeske mei in oersetter Hollânsk-Frysk yn it fermidden net hoegd te ferstean.

Yn dizze rige past skoan it grutte nijs út 'e Ljouwerter fan 16-4-2002. De jûns tefoaren hie GrienLofts in boerejûne op It Fean holden. De partij woe de grutte kloft folk net twinge om syn eigen sprake farre en fleane te litten. GrienLofts hie in oersetkabine besteld mei in frommes dat fan it sprutsen wurd fan it keamerlid frou Vos fuort Frysk makke. De partij hie selsrespekt en Frysk bewustwêzen, GrienLofts hie weet fan styl; en fatsoen.

Ynstallaasje fan rykskommisjarissen en boargemasters, ferkiez-

ingsgearkomsten mei allochtoane pommeranten út Hollân wei, Akademykongressen mei ientaligen der by soene oersetters Frysk-Hollânsk by wêze moatte. Dy kinne dan foar it-selde jild ek oarsom it Hollânsk yn ús sprake oersette. (Dan hoege jin de earen net sa sear te dwaan fan alle 'hoy' en 'shit' en 'doey' en 'okee'.)

De 27ste fan novimber 2003 stie de 'produktbegutting 2004' op 'e wurklist fan de Afûkrie. By it ûnderwerp 'stipepunt' haw ik boppesteande yn rûge halen op it aljemint brocht: "Der is net allinnich ferlet fan skriftlike, mar likegoed fan mûnlinge oersethelp. It bestjoer soe ris oer in nije kursus dêrfoar prakkesearje kinne."

De oare deis, de 28ste, die bliken, dat se yn it Sweachster gemeentehûs net op it Afûkberie wachtsje woene. "Opsterland zet tolk in bij vergadering gemeenteraad." (Ljouwerter 28-11-2003) Dêre soene se de earste desimber in ploech Amsterdammer HBU-learlingen - net 'HBU-studenten' - op 'e tribune krije en it like b. (en w.) net goed ta, dat riedsleden har ferbrekke moatte soene. "Wa't Frysk praat, moat dat moandei ek dwaan kinne." In amtner sette it praat foar it jongfolk oer, "lykas yn Brussel by de Europeeske Uny."

Under Van Bodegom en Cornelis wie der foar Friezinne en Fries gjin romte yn de riedseale. Sûnt de nije boargemaster it roer oernommen hat, kinne ús lânslju wer sykhelje, ek as guon oaren har net snuven hearre meie. It sil wol de earste kear wêze, dat in b. (en w.-kolleezje) sa fier foar Beweging en Afûk útrint.

---

Jan Jongsma: FRYSK HEECH YN 'T FINDEL BY HURDEGARIPER GARAAZJE

Oan de Hurdegariper Stasjonswei stiet de garaazje fan Wytze de Jager. By de stopljochten oan de Ryksstrjitwei troch it doarp steane de ferwizings nei syn bedriuw yn ús eigen taal oanjûn: 'Autobedriuw W. de Jager' en 'Frije Pomp'. Ek yn it telefoanboek stiet yn it Frysk de namme fan syn bedriuw. En advertearje docht er altiten yn syn memmetaal. "Frysk is in moaie taal," seit er. "Dy taal heart by ús en moat perfoarst bliuwe."

Syn advertinsjes falle op. Dêryn besiket er alles oer te setten yn it Frysk. Sa is in 'airbag' by Wytze de Jager in 'plofpûde'. "Wy hawwe al safolle Ingelske wurden yn ús taal en as it kin, wol ik dy yn it Frysk oerbringe. Bytiden is dat lykwols dreech. In foarbyld dêrfan: sûnt koart ha 'k in nij apparaat om te tsjillen te rjochtsjen ('uitlijnen' yn it Hollânsk) en der wurdt metten mei 'laser'-koppen. Dat Ingelske 'laser' is eins in raar wurd, mar it is dreech om dêr in Frysk wurd foar te finen. As ien fan de lêzers der in goed Frysk wurd foar betinke kin, soe 'k dat graach hearre wolle."

Wytze de Jager draacht it Frysk in waarm hert ta. "As de Friezen net mear Frysk prate, wêr bedarje wy dan? It Frysk is net minderwaardich, wy tinke yn it Frysk en wy prate it. Wy binne Friezen en wy hawwe in hiel maklik middel foar ús identiteit: ús taal. Dêrmei bliuwe wy ússels, gewoan wa't wy binne. It Frysk is prachtich moai, it stiet folle tichter by ús as it Hollânsk. Wy hawwe thús de Fryske bibel. Prachtich! Folle moaier as de Hollânske. It komt jo yn it Frysk folle tichter op 'e hûd. Ik hoopje dat it Frysk noait fuortgiet. Wa binne wy dan? Dan binne wy ús identiteit kwyt en dat soe net bêst wêze."

Wat fine syn klanten der fan? Hoe reagearje dy? "De minsken fine it moai. Ik krij der positive reaksjes op. Der is noait ien, dy't seit: Hoe krijst it yn 'e holle? Sjoch, wy sizze altyd 'trekheak', mar it is fansels in 'lûkheak'. Wêrom soene jo sa'n wurd dan net brûke? It brûken fan ús eigen taal wurket op de ien of oare manier dochs, hoewol't dat him min mjitte lit. Mar ik krij gewoan in soad reaksjes. In autosloper yn Twizel sei ris tsjin my: No moatst dyn namme ek noch feroarje: Wytze de Jeier. Sa'n opmerking kin ik bêst wurdearje. It jout wer hoest oerkomst by oaren. Myn advertinsjes bliuwe yn it Frysk en ik krij der knap klanten troch."

Grif binne der minsken dy't har oan Wytze de Jager syn advertinsjes steure en dy sille faaks wol net komme. Mar dat fynt er net slim en hat er der foar oer, want hy stiet foar syn taal. De Jager hat in goed rinnend autobedriuw mei net allinne klandyzje út Hurdegaryp, mar ek út de omlizzende doarpen. Hy lit sjen, dat it Frysk yn de sakewrâld bêst brûkt wurde kin.

---

## *Wysheden of gewoan moai sein (5)*

- ♥ Loftkastielen freegje in bulte ûnderhâld.
- ♥ Alles rêdt himsels, behalve lytse bern en pankoeken.
- ♥ Mannichien makket it bêd klear foar in oar en komt sels op it strie te lizzen.
- ♥ "Gjin nijs yn 'e krante," sei Douwe. "It binne deselde letters fan altiten, se steane allinne mar wat oars."
- ♥ Fan hearren en sizzen liicht men it meast.
- ♥ "Wêrom sikest dyn gelikense net," sei de spiker tsjin de hammer.
- ♥ Selsfertsjinne lean hat mear glâns as wat jo fine yn deademans bûse.
- ♥ "In bêst middel tsjin de mûzen," sei de boer, doe't syn skuorre ôfbaarnde.
- ♥ As immen lilc is, binne syn eagen fergrutglêzen.
- ♥ "Ik sil 't net wer dwaan," sei de âldfeint, doe't it him muoide dat er jong net trouw wie.
- ♥ As de foks de dûmny is, mei de boer syn guozzen wol neigean.

---

## BOSKPLAAT

*Foar sinne, wyn en wetter in daaldersk boartersplak,  
dêr't minsken op 'en heechsten gasten binne.  
'k Wie dêr ien lange dei, lykme-allinne,  
in neatich stipke ûnder it hege himeldak.*

*Hast ûnûntkomber spûnen my dêr de eleminten yn,  
net liker oft de skepping wie mar koarts foltôge,  
sa't boppe it wite sân de gleone hearsker lôge  
en plommen fan it helmgers soeiden yn 'e wyn.*

*It kritend lûd fan kobben, troch it rûzjen hinne  
fan brâning dy't op 't hurde strân syn master fynt.  
De slinke dy't him sierlik troch de kwelder wynt,  
de robben op 'e sânbank koeze fan de sinne.*

*En geandefoets naam 'k waar de nûnders tusken it sulverblêd,  
't grien kwelderkrûd, dúnstikels, skieppe-earen,  
blauknopkes boppe 't wyt, dêr't mokken flearen:  
ien bûnte kleurepracht; 't each wurdt fan sjen net sêd.*

*Skepper en skriuwer binne dêr de eleminten,  
de see dy't jout en nimt al nei't syn mûtse stiet.  
It hjoed wit net wat moarn de wyn útbriedt,  
de iene wisket aanst de oar syn farske printen.*

*Hoe stiet noch skerp yn it ûnthâld my printe  
dy iene dei, dêr't s' oars ferfleane yn 'e sleur.  
As ik de eagen ticht doch, rûk ik wer de geur  
fan kwelder, see en waad. 'k Bar daagliks noch de rinte.*

*Klaas Feenstra.*



---

Jan Jongsma: 'GUOZZEKLOFT': DEBUTBONDEL FAN KLAAS FEEN-  
STRA

Klaas Feenstra fan Burgum skriuwt al jierren fersen, mar oan it útbringen fan in bondel kaam er nea ta. Yn de eagen fan syn frou en bern wie er dêr te beskieden foar en om't syn fersen echt wol kwaliteit hawwe, namen se sels it heft yn hannen en makken in seleksje út mear as twahûndert fersen. Dat gie allegearre bûten him om. Hy mocht der ek neat fan witte, want by gelegenheid fan syn 75ste jierdei woene se him de bondel oanbiede. Dat barde op in feestlike famyljegearsit op 7 febrewaris. Ta syn grutte ferrassing krige er doe 200 eksimplaren oanbean fan syn debútbondel mei de titel 'Guozzekloft'.

Klaas Feenstra waard yn de strange winter fan 1929 berne yn Nijlân. Nei syn ULO-oplieding waard er amtner by de gemeente Wymbritseradiel. Nei't er ek noch in skoftsje op it gemeentehûs fan Warnsveld wurke, kaam er yn 1955 werom yn it heitelân as amtner by de gemeente Tytsjerksteradiel. Dêr sette er him och sa yn foar it Frysk en joech mei stal oan it taalbelied fan dy gemeente yn de tiid dat Tytsjerksteradiel proefgemeente 'Frysk yn it offisjele ferkear' waard. Yn 1988 makke er gebrûk fan de VUT-regeling en hoewol't er wolris in fers skreau, pakte er doe echt de dichterspinne op.

Yn de bondel 'Guozzeflecht' sit wat foarm (fan de strange sonnetfoarm oant en mei it frije fers) en ynhâld oanbelanget gâns ferskaat. De útjefte fan de bondel waard fersoarge troch JéJé-publikaasjes yn Burgum. De bondel is ferskynd as nûmer 5 yn de Tytsjerksteradiel-rige, in rige bondels fan yn dy gemeente wenjende dichters.

Feenstra syn debútbondel telt 52 siden en kostet 10,90 euro. 'Guozzekloft' is te krijen by de Burgumer boekwinkels, mar kin ek ôfhelle wurde by de dichter sels. Syn adres is: Westersingel 1 yn Burgum. Telefoanyske bestelling is ek mooglik: tel. 0511-461653. De bondel wurdt dan opstjoerd.

---

## 'BEFRIJING'

lis in opfallende saak, dat jongere minsken, dy't de tiid fan besetting en befriijing net meibelibbe hawwe, dêr soms frjemde opfettings oer hawwe. Hja sjogge dan alles yn in simpel swart-wyt-skema: wa't ferkeard ('fout') wie, waard nei de befriijing straft en wa't 'goed' wie, waard beleanne. Wie it mar sa! Hja witte net, dat de inkelde joaden dy't weromkamen, faken net sa freonlik begroete waarden en gauris problemen krigen mei it weromkrijen fan har eigendommen, dat arbeiders dy't ûnder twang yn minne sitewaasjes yn Dútslân wurk dien hiene, as heale lânferrieders sjoen waarden en dat dêrtsjinoer guon yndustry- en boubedriuwen dy't yn eigen lân foar de besetter arbeide hiene, daliks wer oan de slach koene by de weropbou, om't hja har ark en har folk noch hiene en dy't wegere hiene dêr net mear oer beskikten.

*Marten Sikkema*

Yn de besettingsjierren hiene ek oaren problemen. Deûnderdûkers, almeast jonge mannen, moasten soargje foar kost en ûnderdak en dat hja net oppakt waarden, mar hja libben op eigen manneboet sûnder folle ferplichtings. Minder wie it foar oerheidstsjinners, boargemasters en plysjeminsken, hja moasten tsjin it sin saken berêde en hiene gauris in húshâlding dy't troch de tiid moast. As dy wegeren, waarden hja ûntslein en opfolge troch in nazi.

Sa wie it ek mei plysje-ynspekteur H., dy't letter sels pro-moasje makke ta haadynspekteur yn in grutte stêd. Hy moast in pear kear aginten oanfiere dy't groepkes joaden nei it stasjon bringe moasten. Guon studinten dy't dat seagen, tsjinnen nei de befriijing in klacht tsjin him yn, mar dy waard stilswijend oan kant lein. Doe't hja

fannijs in klacht yntsjinnen, waard sein: "Gjin kâns, dy man hat efter de skerms safolle foar de yllegaliteit dien, hy hat fersetsstriders rêden, oerfallen mei taret, tips jûn, hy wie foar it ferset ûnmisber. Dêrom is er no sels kommissaris fan de plysje."

Dat tema haw ik ferwurke yn it ferhaal 'Befriijing', dat yn 'e bondel 'De wrâld wol ferrifele wurde' opnommen is. It is feitliks histoarysk: "In man dy't yn 'e oarloch ûnderdûkt sitten hat, wurdt nei de befriijing finzen naam. Mar de ferklearring dy't yn de lêste alinea opdûkt - in keardel dy't yn 'e oarloch joaden opbrocht hat, is kommissaris wurden - is neat mear as in oerflakkich trúkje," sa skriuwt in besprekker. Wie it mar sa! Sokke saken kamen foar en wiene foar de oerflakkige taskôger min te begripen. Mar fantasy spile by dit ferhaal eins gjin rol!

---

Anneke Jousma:

## OANTINKENS OAN US HEIT (V)

(Anne Jousma: 1900-1981)

"Famke, mag jij wel melk?" Dat sei Tamme, de molkesutelder, yn syn moaiste Hollânsk tsjin my, doe't er ús foar de earste kear seach. Want hy tocht, lykas de oare Nijtsjerkers, dat wy gjin Frysk ferstean soene. Hy bedoelde: "Famke, meisto wol molke?" No, ik fûn en fyn molke mar wakkere lekker.

Sa sjogge jo, hoe't sa'n goed bedoelde fraach mei sa'n lyts 'fersin' jierren yn 't ûnthâld sitten bliuwt. Want Tamme wie in hiel aardige en freonlike man, dy't jierren de molke en sûpe ensfh. by beppe oan hûs brocht hat.

En fierder fernuveren myn suske en ik ús mei de prachtige âlderwetske poppewein. Jo witte wol, sa'n ien mei hege tsjillen en in kap dy't op en del kin. En de poppen fansels. It teeservyske kaam wer út de doaze en der wie noch in echt ytservyske mei ierappel- en grienteskaal en sjúkom. En dan mar nei de souder of de timmerwinkel te boartsjen en der wie fansels ek noch de touter, dêr't ik jimme al fan ferteld ha.

Us pake en beppe sliepten yn 'e bedstee. Dat wie foar ús as stedsbern ek hiel bysûnder. Jo rûnen troch in doar yn 'e keamer in soarte fan gong yn en dêr wiene twa bedsteden efter doarkes en oan de oare kant fan de hege bêden koene jo de doarkes iepen dwaan en dan seagen jo út yn de saneamde moaie keamer oan de foarkant fan it hûs. Safier as ik wit, hawwe wy der nea yn sliept. Myn suske en ik hiene it keammerke oan de efterkant neist de reed.

En dêr bolderen moarns betiid de karren mei de hynders bylâns. Dat

wie op it lêst in hiel fertroud lûd foar ús. Krekt as it klikklakken fan de lju op klompen op 'e wei foar it hûs. Dat hearden wy net yn Den Haach. En jûns op bêd as alles tige tsjuster wie, dan flapte it ljocht fan de fjoertoer fan it Amelân oer ús earst noch net sliepende hollen. Echt bysûnder tochten wy.

De minsken dêre fûnen it wakkere moai, dat dy famkes út Hollân Frysk ferstiene en praten. 'k Wit noch dat heit en ik troch it doarp rûnen en wy in frou moeten en ik tsjin heit sokssawat sei as: "Dy dame fyn ik aardich," wêrop't frou Weidenaar sei: "Nou, nou, moaie dame..." Mei oare wurden: hjir yn Nijtsjerk sizze wy net fan dame. En dêrút docht bliken, dat wy stedsfamkes wiene. En noch wat: by ús yn Den Haach rinne jo sa by de minsken op strjitte lâns sûnder te groetsjen. Mar yn 't doarp winskje jo elkoar in goede dei, dat wol sizze: "Goeie!" Benammen myn suske fûn dat sa moai en se sei: "Dan fielt it krekt oft ik der echt by hear." En sa hawwe wy yn 'e rin fan de jierren ferskate fakânsjewiken yn 'e simmer yn Easternijtsjerk trochbrocht.

Letter, oan 'e ein fan de oarloch (maart '45) hawwe Sus en ik der ek noch in pear moanne west. Dêr kom ik in oare kear noch wolris oer te fer-

---

tellen, mar ien ding kaam wol goed út de ferve: ús beppe koe omraak fertelle en benammen út har jonge jierren. Dat fûnen wy och sa nijs-gjirrich en jûns, as wy by it teepitsje sieten, wie it allegearre tige noflik. Fierder wie beppe in leauwige frou, al kaam se de lêste jierren net mear yn 'e tsjerke. Letter, doe't ús pake stoarn wie, hie se mei ús heit politike petearen en fûn it fijn wer ris mei har (ienige) soan oer datsoarte saken redendiele te kinnen. Beppe lies ek Fryske boeken en skreau ús Fryske brieven. Foar dy tiid ek wol bysûnder, tinkt my.

Op 'e weromreis gongen wy dan nei Ljouwert nei beppe Mook (ús mem har mem), dy't mei har suster yn Sonnenborgh (hûs foar âlden fan dagen) wenne en bleaune dêr ek in inkelde nacht. Hja hiene dêr wol in keamer foar útfanhûzers. It wie dêr ek gesellich. It is altiten moai om by in beppe te útfanhûzjen. De tee mei in knisperjend kandijklûntsje en echte rjemme, dy't jo mei sa'n sulveren leppel yn 't kopke falle lieten. En dan sa'n fijn wiid kopke!

Beppe Mook wie soms wol streng, want as ik op de fraach oft ik wol in koekje hawwe woe dan knikte, seach beppe my oan mei de wurden: "Wat seit Anneke dan?" Dan wie it fansels fan: "Ja, beppe!" Nee, beppe hâlde net fan ja-knikken en neelskodzjen.

Beppe breide en haakte in protte. Wy hiene thús prachtige haakte spreien en foar ús kamen der faak moaie festen en truikes út de pakjes fan de post. 'k Ha in foto, dêr't ik op te sjen bin, wylst ik it jern ophâld en beppe opkleaunet. En har suster, tante Tiete, droech altiten it Frysk

earizer. Dat wie al sa aardich. Efterôf tinke wy wolris: wêrom tante en net muoike? 't Sil wol komme, omdat it Ljouwerters wie.

Us beppe-en-har fan Mookekant praten nochal graach Luwerters. Mar ús fiertaal wie fansels Frysk (dêr hat ús heit wol foar soarge) en fan beppe en tante ek as wy der wiene.

No hiene wy yn Fryslân noch in adreske en dat wie op 'e Tynje: by ús omke Syb en muoike Leen. Omke wie in broer fan ús mem en wenne yn it skoalhûs, want hy wie haad fan de legere skoalle. Mei in grutte tún en fansels... in touter. Foar de oarloch hawwe wy der in pear kear útfanhûze en miskien yn it begjin fan de oarloch ek nochris. Dan boarten wy mei ús lytse nichtsje Reinie en mocht ik yn de skoalle sjen. As jo net hoege te learen, is sa'n skoalle hiel nijsgjirrich. Ik kin ek net sizze, dat ik sa'n hekel oan learen hie: taal en rekkenjen fûn ik wol moai en lêzen dat die ik hiel graach.

Oan 'e ein fan de oarloch skreau muoike Leen, dat wy der gau wer ris komme moasten, mar yn 1946 barde der ynienen wat fertrietliks: muoike stoar nachts yn har sliep en doe wie hja noch mar 36 jier. Dat hat in swiere slach west foar omke en de twa lytse bern. Dêrnei hawwe wy der noch wolris útfanhûze, mar ús muoike waard och sa mist. It wie in leave, sêfte frou.

Myn suske en ik hiene noch in omke Chris en in muoike Duoike, mar dy neamden wy allinne mar omke en muoike. Se wennen yn Hilversum en wy hawwe der ek wol útfanhûs west. Ik wit net, hoe't heit en mem mei harren yn 'e kunde kommen binne. Mar as ik oan har-

---

ren tink, dan wurdt it my waarm om 't hert.

No wol it gefal dat ik op 3 april lêstlyn op 'e mienskiplike gearkomste fan de Douwe Kalmastifting en Tresoar yn 'It Aljemint' fan in âldere hear, dy't lid fan de Krite Hilversum west hat, hearde dat de hear C. Ellerbroek (omke Chris) foarsitter fan de Krite west hat. Dat fûn ik moai om te witten, want ús heit hat ek in aardich skoftsje as foarsitter fan 'Rjucht en Sljucht' yn Den Haach fungearre. It spyt my dat ik yn lettere jierren neat mear heard ha fan dizze aardige minsken.

No't ik dochs op 'e útfanhûzerstoebin, moat ik jimme noch efkes fertelle oer in hiel bysûndere wike. It sil yn 1939 of 1940 west hawwe, dat wy mei syn fjouweren in wike yn Lunteren yn pensjon west hawwe. De fyts mei fansels en dan alle sânpaadsjes ôf, wy as bern by heit en mem op 'e fyts. Sus en ik hiene fansels noch nea de Veluwe sjoen,

wol op papier, op 'e kaart fan Nederlân, mar net yn 't echt. No, wy hiene in fijne wike en ik wit wol wis ús mem ek, neat mei it húshâlden te dwaan en in soad bûten wêze. Dêr hold mem o sa fan.

En heit koe mei ús nei de dames Baarda. Ien fan harren wie direkteur fan in bernetehûs dêr en juffer Baarda koe heit fan Easternijtsjerk. Dy frou hie yn 'e tiid dat se yn Nijtsjerk oan skoalle stie, by ús beppe yn 'e kost west.

En foar heit wie it in weromkommen yn de streek, dêr't er syn earste baantsje hân hie (yn it fuortby Lunteren lizzende De Valk) en doe och sa nei Fryslân werom ferlange en it net lang úthâlden hat.

En nei dizze, foaral foar bern, fleurige tiid kaam der in oare tiid: de oarloch, dy't yn 't earstoan wol tafoel, mar hieltiten pynliker waard, ek foar de bern. Dêroer yn in folgjend nûmer.

#### J.J.: 'OP HOOP FAN SEGEN' AS IEPENLOFTSPUL YN JORWERT

Foar de 51ste kear wurdt yn Jorwert yn augustus en septimber in iepenloftspul brocht. Dit jier is it in foar in hiel soad minsken tige bekende produksje. Spile wurdt Herman Heijermans (1864-1924) syn 'Op hoop van zegen' yn de Fryske oersetting fan Jan Schotanus. Heijermans skreau it ferneamde stik oer de misstannen yn de fiskerij yn 1900. It is it oangripende ferhaal fan de fiskerlju dy't geane en de froulju dy't bliuwe. Sintrale figuer is de fiskerswiddo Kniertje. Wa ken net har ferneamde útspraak: "De fisk wurdt djoer betelle!"

'Op hoop fan segen' wurdt ûnder lieding fan regisseur Romke Toering mar leafst alve kear spille yn de Jorwerter notaristún. De premjêre is op 25 augustus en de oare foarstellings wurde brocht op 27 en 28 augustus, 1, 4, 8, 10, 11, 15, 17 en 18 septimber.

---

It folgjende stik stjoerde Bertus Postma op 16 febrewaris 2004 nei de redaksje fan 'De Moanne' mei it fersyk om it op te nimmen. De oanlieding wie in stik fan Ernst Bruinsma yn dat blêd, dêr't er yn stelde dat 'De Moanne' net in tydskrift foar Fryske kultuer en literatuer is, mar in tydskrift foar literatuer en kultuer yn Fryslân. "En dat leafst yn mear as ien taal" en dus net allinne yn it Frysk, mar ek yn it Hollânsk. Op 31 maart krige Postma syn ynstjoerd stik werom en Ernst Bruinsma skreau: "Uw bijdrage zal niet worden geplaatst, omdat ik gruwel van dit soort nationalistische retoriek." De redaksje fan 'Lyts Frisia' grouwelet dêr net fan en dêrom nimme wy it dan mar op.

---

Bertus Postma:

## **FERJAMME!**

*It skriuwersbûn yn twa-en, gjin needsaak om yn 't Frysk te publisearjen, de minne berjochten oer ús sprake yn it ûnderwiis, de Akademy lêst fan nuvere ambysjes. Fan sokke, krimmenearige en allefrou en -man ûntmoedigjende skriuwerij yn 'De Moanne' fan febrewaris hat nimmen gjin ferlet. De skriuwer, Ernst Bruinsma, moat ris nei de sielkniper ta: 'hy hâldt net genôch fan it Frysk'.*

*EB hie noch mear op 'e lever. Jelle Breuker waard metten mei Teake Oppedwal. De earste. yndertiid haadbestjoerder fan Frysk-Nasjonaal, hie yn it Hollânsk de hûndert út klage oer de taal. De oarde, grutbrocht mei Debye, Van 't Hoff en Lavoisier wol ik leauwe, soe in optimist wêze. Jelle koe Teake op gjin stikken nei belykje, al hie de lêstneamde it Hollânsk likemin ferleard.*

*EB sjocht syn taal al yn it Fries Museum te lizzen. Hy wit ek al, wa't de skuldigen binne en wa't frijút geane. It gewoane folk hie syn sprake fleane litten, oan de skriuwers hie it him net lein. "Om meiinoar te stean" hawwe wy Douwe Hermans neisongen, mar de skriuwers ferbrieken de bining en songen net mei. Hoe goed hawwe se, los fan it bewegingstsjoar, har frijheid brûkt?*

*In pear tûzen jier lyn hiene jo ûnder it âlde folk de saneamde herodianen, Joaden, út it eigen kamp wei oerrûn nei dat fan de besetter, de keizer fan Rome. Sok oerrinnen liket wol fan alle tiden te wêzen, fan de Frânske, de Dútske en fan dizze. Alle kearen litte guonnent eigen yn de steek om frjemd oan te krûpen. Se binne amper te tellen, de folks'fertsjintwurdigers' dy't foar har gearkomsten by de partijbestjoeren oangeane om se salang op har taal passe te litten. Doelde Marten Sikkema mei syn "ferrieders út sloffens, ferrieders om lean" al op dy oerrinders nei it oare taalkamp?*

*EB docht jin smeulsk te witten, dat Fryslâns taal fergean moat. Botte oarspronklik komt it my net oan. Waling-om hat it hiel lang ferlyn al wytge. "(...) wolle wy hjir yn Fryslân ek yn de takomst in folk dat Frysk praat,*

---

*dan moatte wy (...) mei inoar prate oer alles dêr't mar oer praat wurde kin, skriuwe oer alles dêr't mar oer skreaun wurde kin, yn it Frysk (...) wa't seit dat er fan de Fryske Beweging is - of fan it Skriuwersbûn, BP - ferplichtet him dêrta." (F.J. Bergstra) "Elke Fryskprater - en Fryskskriuwer, BP - is mei ferantwurdlik. Alle kearen as er it Frysk net brûkt dêr't dat wol kinne soe, draacht er by oan it ferlies fan it Frysk." (D. Gorter)*

*Yn Hollân moat in frjemd oan it yntegrearjen en ynboargerjen. Op it roaster steane taal en maatskippijlear. Mei dyselde tomstôk metten, sil in allochtoan te uzes oan ús taal moatte, en sûnder fûstkjen mei kening Redbad, Grutte Pier en Jan Bearn kin er eins ek net. Doe't in gemeente tsien jier lyn in net-yntegrearre en net-ynboargere wethâlderske krige dat mei de taal wat oan wie, sei boargemasterske: "Doe maar Nederlands." Dêr leit it andert yn besletten op EB syn frage "wêrom't in kritysk stik oer de Ljouwerter Krante yn it Nederlânsk skreaun wurdt": de skriuwer is in net-yntegrearre en net-ynboargere keunsthistoarikus.*

*'De Moanne' is in tydskrift foar literatuer en kultuer yn Fryslân. Dêr heakket EB lykwols oan ta: "en dat leafst yn mear as ien taal." EB liket my slachtoffer ta fan fjouwerhûndert jier fan Hollânsk-Nasjonale taalpolityk.*

SKRIUWERS FREGE! Foar de folgjende nûmers fan 'Lyts Frisia' binne wy op syk nei minsken dy't belangeleas ris in stikje skriuwe wolle. Wy tinke dan oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis of Fryske striid. 'Lyts Frisia' ferskynt fjouwer kear jiers. Foar it tredde nûmer moat de kopij binnen wêze foar 15 july en foar it lêste nûmer fan dit jier foar 15 septimber.

LIDMAATSKIPS- EN LESJILD. Oan alle leden en lêzers dy't foar 2004 noch net betelle hawwe it fersyk om it lidmaatskipsjild (7,50 euro) of it lêsjild (5 euro) sa gau mooglik oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan: Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Dit fersyk jildt it grutste part fan ús lêzers en leden.